

Oan it bestjoer fan DINGtiid
Westersingel 4
8913 CK Ljouwert

Oer: Advysnotysje oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk

Ljouwert, 17 desimber 2020

Achte bestjoer.

Mei in soad belangstelling hawwe wy kennis nommen fan *Op 'e syk nei nije dynamyk*, de lêste advysnotysje fan DINGtiid oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk. Lykas DINGtiid meitsje wy ús soargen oer dat kennisfjild, want yndied: *It tal studinten Frysk sakket, der is ferlet fan mear dosinten Frysk, der binne net in protte eineksamenkandidaten Frysk en ek de akademyske tûke fan it Frysk stiet der nuodlik foar*.

DINGtiid sjocht as oplossing dat der mear fokus, rezjy en ferbining komme moat. Soks soe plakhawwe moatte yn in nij op te rjochtsjen *kennisberie* mooglik útrinnend op in *Kennisried fan it Frysk*. Wy ûnderskriuwe in soad konklúzjes fan dit DINGtiid-rapport. It is lykwols by dizze wichtichste oanbefelling dat wy grutte fraachtekens pleatse. Wy binne it mei DINGtiid iens, dat gearwurking tusken Fryske organisaasjes better is as inoar bekonkurrearje. Earder hat de Ried al gearwurking bepleite tusken hegeskoallen, de Fryske Akademy en Campus Fryslân op mêden as meartaligens en kultuer (Skaadbestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023, juny 2018).

It is lykwols de fraach oft sa'n nije advysgroep sûnder beslissingsfoech, útfiering en evaluaasje wat taheakje sil oan de mooglikheden dy't der no al binne. Yn de *Advysnotysje* ûntbrekt in ynventarisasje fan problemen dy't in *kennisberie* needsaaklik makket. Der is gjin brekme oan kennis en kunde oer it Frysk. Der is wól in grut tekoart oan in effektive ymplementaasje fan plannen. Soks wurdt nei it betinken fan de Ried net oplost mei in nije praatgroep.

Yn de *Advysnotysje* stiet de ûnderwiisproblematyk sintraal: in ôfnimmend tal studinten, dosinten, eineksamenkandidaten en jonge ûndersikers. Neffens de Ried net yn it foarste plak feroarsake troch te min gearwurking yn it Fryske ûnderwiisfjild, mar troch de beheinde funksje fan it Frysk yn alle sektoaren fan de Fryske maatskippij troch de monopoaljeposysje fan it Hollânsk yn eigen taalgebiet. Wol de Fryske kennisstruktuer wer ta groei komme, dan sille de anty-Fryske regeljouwing (wetjouwing primêr en fuortset ûnderwiis foar it Frysk yn 2014) en de skealike ûntheffingsmooglikheden (Beliedsregel 2015) op 'e helling moatte om sa in tanimmende fraach nei studinten en learkrêften Frysk út te lokjen.

Wol in kennisstruktuer foar it Frysk slagje, dan sil it Frysk ekonomyske wearde krije moatte yn bestjoer, soarch en ûnderwiis bygelyks. It Frysk is sels yn it ûnderwiis gjin funksje-eask foar learkrêften en by de provinsje net foar de amtners. Boppedat is it Frysk amper sichtber yn it deistich libben. It is net foar neat dat de Twadde Keamer dat lêste ûnderwerp oan de oarder stelde yn it oerlis op 9 desimber 2020 mei minister Ollongren fan Ynlânske Saken.

Mei freonlike groetnis,

Pier Bergsma, foarsitter
Nynke Beetstra, skriuwer